

De humor yn

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 096 0

1e printing 2018

© 2018, Jan Schokker

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert


Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

www.janschokker.frl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch stipe fan de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De humor yn

Jan Schokker



N'oubliez jamais, nea ferjitte.

Joe Cocker hat der in moai nûmer fan makke en al wie ik net hiel rekalsitrant, ik gie myn eigen paad. Achterom sjen is miskien ek net sa handich. De âlde nekke kin der eins net oer en do sjochst ek saken dysto yn de sydspegels net sjen wolst. Oan de oare kant woe ik ek graach *yn* de humor en de humor is bytiden wreed. En ja, wa't yn de humor wurket is ek bekend mei de selsspot en sa'n relativearjende aap moat ek in sportive kant ha. Fuort dan mar: It flaterfestival. Mar der is in ferhaal dat ik leaver net fertel: *Blypblyp*. No ja, ik moat der noch oer neitinke. Miskien ek wol.

Ynhâld

It begjin	9
It letter-atelier	30
De útwreiding	42
De feroaring	59
It skriuwen	70
It lêste ein	80
BlypBlyp	90

It begjin

Oranjewâld, skoalle, Blauw Wit, wurk, militêre tsjinst.

20 septimber 1952, Wilhelminawei, Oranjewâld. It moat in bysûndere dei west ha. Gjûn dei foar flaters. Hoewol, it pakte foar myn âlden al oars út as dat sy it yn't foar betocht hienen.

Ik ha it waarberjocht fan dy dei fan ynternet fiske. Swier bewolkt wie it, it reinde sa no en dan in bytsje en de gefoelstemperatuer wie 7 graden. Fierstente kâld foar de tiid fan it jier. Us mem hie it net kâld. Beppe Antje, de mem fan mem wie baakster en fansels stie sy ús mem, Geeske Schokker-Bosma by yn dizze drege tiid. Ik miende dat ús beppe aardich trochpakke koe, lykwols ik krige mar gjûn iten en waard oan kant lein. Wat die bliken: Bruorke Lomme moat op in oare etaaazje ûntwikkele wêze en woe tagelyk mei my útstappe. In oere letter seach ek Lomme ferwûndere om him hinne en wie it wûnder kompleet en ha wy iten. Heit Knilles (Kees sei elkenien) grutsk, krekt as grutte broer Bonne, dy't doe al fjouwer jier âld wie.

Om as helte fan in twilling op de wrâld te kommen is spesjaal. Sa ha ik dat altyd field en sa is it bleaun. Je binne op de wrâld kaam as helte fan in twilling en dan bist wend om te dielen. Wy ha in lokkige jeugd hân, ik kin 't net oars sizze, sa ha ik it

ûnderfûn. Ik leau ek net dat ik earne swier oan tilde. Gjûn frettende trauma's sa as pest wurde, je achtersteld fiele, earmoede. Mar miskien wie dat myn ûnnoazelens of naïviteit. Thús hiene wy it net breed, mar dy krapte, dat smelle ha ik nea sjoen. Romte genôch om te boartsjen en boartersguod genôch oan de Wilhelminawei. Beamwâlen, lân, bosk, bern, bisten. Heit wie timmerman, in pracht ambacht, mar heit wie ek in handige man. Houten boartersguod makke hy sels. Kroadsjes, karren. Wy hienen fan alles.

Ik ha in romantyske ynslach en it kin hast net oars as dat moat yn dat begjin fan myn libben, dêr oan de Wilhelminawei yn It Wâld ûntstien wêze. Gjûn better stee op de wrâld om berne te wurden. In romantyske omjouwing. In kampke lân mei fee neist it âlderlik hûs, in bosk op hûndert meter, de stylfolle ynrjochting fan it doarp mei leanen en hearehûzen op rin-ôfstân en fansels de stabile ûndergrûn mei nochteren âlden. Ik bin gjûn wittenskipper, mar doar wol te stellen dat soks je foarmet. Miskien as de âlden harren oeral tsjin ôfsette dat je ûnferskilliger en hurder wurde. Heit wie noflik en geduldich, in dreamer, in tinker, mar Knilles koe ek wol opspatte as it om ûnrjocht gie. It wie in sosjalist, krekt as syn famylje. Mem kaam út in oar laach, in boerefamylje. Geeske hie in oare, drege histoarje. Har heit stoar doe't sy

16 jier âld wie oan kanker, beppe Antje stie der doe allinne foar mei al it fee en sa moast mem al jong meiwurkje op de buorkerij. Dochs, finansjeel wie it dreech mei it dramatyske djiptepunt dat it fee en al it ark en reau ferkocht waard op in saneamd boelguod. Mem hie har foarnaam om it yn har fierdere libben sa fier net komme te litten. Sy trune heit oan om in bettere baan te sykjen as timmerman yn de bou en doe't der in baantsje frij kaam as ûnderhâldstimmerman by de gemeente besocht sy kunde mei ynfloed om in goed wurdje foar harren te dwaan. It slagge. No siet it oars ek mei. It wie de tiid fan de opbou nei de ferskriklike oarloch. Wurk by de rûs, nije techniken, bettere sosjale omstannichheden. It hat mem ek west dy't der foar soarge dat se omseagen nei in eigen hûs. Mem gie nei de bank om in liening en mem siet ús achter de broek om ús bêst te dwaan op skoalle, by in sportferiening te gean of om muzykles te nimmen. Dochs, altyd rjochtfeardich, bytiden strang, mar se besocht de fleur der ek yn te hâlden. Altyd mei it ynsicht dat har húshâlding it better ha soe as dat sy it eartiids ea hân hie.

Lykwols, der barre ek ûngemakken, it siet net altyd mei. Ik, wy, wienen fjouwer jier âld doe't ik de foet bruts. Yn it hok achterhûs hie heit in wurkbank en dêr woe ik op klimme. Wêrom wit ik net mear

fansels, mar wol dat it fia in beamstamke gie dat heit brûkte as hakblok. Ik kin it houtblok noch sa úttekenje, ik wit noch wêr't Lomme stie. It blok kyppte om, ik kaam bryk te fallen en Lomme hat mem roppen. Trije moanne ha ik yn it sikehûs fan It Hearrenfean lein. De foet wie net goed setten en moast opnij brutsen wurde. Mem fielde de pine noch op har 94ste, mar it sit net mear yn myn ûnthâld. Ik wit noch wol wêr't ik lei yn it sikehûs, mei de foet yn in bûgel en hokker boartersguod ik krige. Mei Peaske kamen bern lâns mei fersierde takken. Dat wit ik noch. No ja, fjouwer jier âld. Ik moast opnij rinnen leare, mar hielendal goed is it net wer wurden. Ik rin noch as in houten hynder. Heit makke yn it wurk in flater. Hy stapte neist de steiger fan seis meter heech, wêrop se oan it wurk wienen yn it gymnastyklokaal fan in skoalle en hie beide hakken stikken. Hy hat thús in hiel skoft op bêd lein en moast ek wer rinnen leare.

De skoalle yn It Wâld wie geweldig, fyn ik no achterôf. Ik kin net sizze dat ik in hekel oan skoalle hie, mar wie wol hiel bliid as wy frij hienen en de grutte fakânsje wie in feest. Ik wit noch dat master Brandsma op in dei sei: 'Gisteravond is mijn vader overleden. Ik hoop niet dat jullie aanstonds juichen, maar jullie zijn vandaag vrij.' In pear jonges raasden it út fan wille en dat fûn ik sneu. Fanwege de berte yn septimber wienen wy betide learlingen en dan

wie it dreech om by te bliuwen, mar rekkenjen gie goed. Taal wie minder, mar tekenjen en sjongen gie boppe modaal. Ach, de skoalle. Juffer Kuipers fan klasse ien en twa, master Janssen van Planken, dy't sa moai fertelle koe, haadmaster Brandsma mei de Russyske winkbrauwen en letter kaam foar Janssen van Planken master Hoekstra en dy hat in spesjaal plakje krigen yn myn ûnthâld en hert. Wy mochten altyd tekenje yn it rekkenskrift. Cor Hoekstra wie neist syn wurk as skoalmaster cartoonist. Syn tekeningen ûndertekene hy mei 'Cork'. Ik sjoch noch de tekening yn kryt op it skoalboerd stean dy't hy makke mei ús jierdei. In siameeske twilling dy't fan achter in rût mei flachjes wiuwde. Ik sjoch him noch sa sitten achter syn buro, foar yn de klasse. Altyd oan it tekenjen. Kaamst by him om wat te freegjen dan lei hy soms in hân om syn krekt makke kreaasje. Letter koe hy fan syn cartoons libje, sei syn baan op en liet in moaie bungalow sette yn de Krukmansleane. Syn cartoons gienen de hiele wrâld oer. Ik ha noch ris by him west om myn krabbels sjen te litten. Ik tekene ek wolris wat, mar wat my bybleaun is, is dat hy fertelde oer in frou dy't mei de dochter by him kaam.

'Ja,' lake Hoekstra, 'sy frege: Ha jo ek wurk foar myn dochter? Sy wol ek graach de humor yn.'

Tja, *de humor yn*, dat woe ik ek wol.

Cor Hoekstra en syn frou binne net âld wurden.
Spitich.

It libben yn It Wâld wie bysûnder. Lomme en ik sieten ek op gymnastyk. Yn de Krukmansleane, op it plak dêr't Cor Hoekstra letter syn bungalow sette liet, stie in âld tsjerkje. It hat fan in earne tsjerkemienskip west, it gebou siet gjin lúkse oan en yn ús tiid wie it omboud ta gymnastyklokaal. Juffer Kamminga joech les en wy dûkelen oer in wite matte, klommen yn wandrekken en touwen en hongen nuver oandien yn houten ringen. Ik wie net sa linich, fûn der ek net folle oan. Kaam dat omdat ik de poat stikken hân hie? Tink it net. De útfiering fan ús gymnastykferiening by kafee Oord wie apart. Oer de bok springe op it toaniel mei in oanloop op dyselde wite matte en wa wit noch dat dy jonge fan Van der Schaaf troch de seal raasde fanôf it toaniel: 'Mem ik moat pisse!' Hoe âld wienen wy?

Tsien, alve, tolve jier?

Feest opnij op de Wilhelminawei. Op 15 jannewaris 1956 krigen wy in suske, Tryntsje. Ik ha der gjin bylden by. Nuver, it moat dochs hiel spesjaal west ha en ik ha altyd hiel besoarge foar myn suske west.

De peaskemerke yn It Wâld. Dat wie ek bysûnder.

By de opbou wienen wy der al by. De draaimolen kamen mei de boat oan yn de Prinsewyk. De rups stie yn de hoeke achteroan, mar neist de Wilhelminawei. Tsjinoer it boerd: Red Je zus. (de 'spatiëring' wie net goed slagge). Ik hear noch de muzyk út de geweldich grutte boksen. Dave Dee, Dozy, Beaky, Mick & Tich mei: *The legend of Xanadu*. Wat fûn ik dat moai, mar doe wie ik al sechtsjin, tink ik.

Hotel, attraksjepark Wener, it is der net mear. Tjaarda is skeind, kafee Oord is fuort, Tropenfauna, it swimbad, it hotel yn de kom. Der is in protte fuort, mar tiden ha tiden en dat giet sa. Je moatte ek net alles bewarje wolle. Hoewol? Wy komme geregeld yn Dútslân en dêr bewarje se alles. Se restaurearje al it âlde en klaaie it opnij oan. Mar miskien wie de basis ek deegliker?

Doe't wy sân jier âld wienen ferhûzen wy nei de Altenaleane yn It Wâld. It wie oan de oare kant fan de 'grutte dyk' sa't wy de twabaanswei neamden. In ynvestearring fan sa'n 8.000 gûne. Heit en mem setten letter elke sint oan 'e kant om it mar gau ôfbetelje te kinnen, mar se hienen better noch seis hûzen keapje kinnen. In oannimmer sei letter: 'Men kin der no net iens in nije keuken foar pleatse,' mar dat wie jierren letter. De ferhûzing fiede as in skieding mei It Wâld, mar wy gienen noch wol nei de skoalle yn It Wâld. Wy boarten no ek op oare

plakken fansels. Achter de djippe tún wie lân, mar fierder nei it noarden wie in grut appellhôf. Of wy wienen yn de Lolius Ademaleane op it fuotbalfjild, of yn it Joadske boskje, in âld ferfallen hôf mei grêven út in fier ferline. Kin se noch sa úttekenje. Yn it Joadske boskje ha ik myn earste tút hân fan Mattie de Vries. Moai no?

Der komt in skieding mei myn twillingbroer. Fanwege achterstân yn it learen docht Lomme de seisde klasse oer en ik sil nei de vglo op It Fean. Se wolle my eins yn in oare klasse ha, mar ik ha myn plan al útstippele. Ik wol de elektrotechnykkant út, nei de ambachtsskoalle. As ús mem fuort is nei har wurk en ik in pear oerkes frij ha, draai ik de Philipsradio út elkoar en ha him handich wer ynelkoar as ik nei skoalle moat. Fan omke Albert krij ik âlde radio's mei boutekeningen, yn it Italiaansk. Hy hat sels radio's ynelkoar set yn de oarloch en wit dêr prachtich oer te fertellen. Tante Anne, syn frou, wie ek in moai minsk. Sy wipte sa moai yn har stoel as sy fertelde oer eartiids. Omke en tante wennen doe noch yn it brêgewachtershûske by de brêge yn Mildaam.

Ek sokssawat. Heit en mem hienen it faak oer de twadde wrâld-oarloch en wy tochten dat it in nuer trauma wie út in foarich libben, mar dat wie doe noch mar in tsien/fyftjin jier tebek. Set dat mar ris oer nei dizze tiid.

Op skoalle hienen de jonges grutte ferhalen oer kuorbal, dat dêr woe ik ek wol by hearre. Blauw Wit trainde op it fjild foar Tropenfauna, fan Wink. Neffens my spilen sy op it Roazefjild yn de blommebuert. Jeen van den Berg trainde ús. Letter hie Blauw Wit eigen fjilden by it swimbad. Doe't ik in kear mei in ferstûke foet, oprûn op in min fjild yn kombinaasje mei myn housterige bewegingen, op twa stuollen telâne kaam, bin ik begûn mei tekenjen. Strips, popkes, grapkes, cartoons.

De ambachtsskoalle wie net sa dreech en joech moai wat ôfwikseling. Metaal fûn ik neat oan, it stonk ek altyd yn dy lokalen. Sa'n soere lucht fan oalje dat brûkt waard by de kuolling fan de beitels yn de draaibanken. Algebra en meetkunde, prachtige fakken. Krektlyk elektropraktyk, al wie it spitich genôch hast hielendal rjochte op it ynstallaasjewurk. De skoalle foarme my ek op in oare wize. Ik die oeral oan mei en organisearre mei oare bern fan Ulo, HBS en húshâldskoalle in feestjûn yn it Posthûs. Ik wit noch dat ik sels de affiches makke. Miskien ha ik ek noch wol op it toaniel stien. Ik wit it net mear en de oanplakbiljetten binne al lang fuort.

Se woenen my nei de MTS ta ha, ik kaam yn de T- stroom rjochting, mar dat hie ik dochs net yn't sin. Wer trije jier nei skoalle; ik woe wat fertsjinje,

mysels rêde en ik hie mei mysels ôfpraten dat ik nei Tektronix soe.

Dat wie ek in flater.

Yn It Skoat - Hearrenfean-súd sa as se it op in bepaald momint neame - komt de yndustrialisaasje op gong. Al wat let, mar se ha op ús generaasje wachte, tink ik. Batavus is in grutte wurkjouwer, Smilde krijt fet op de bonken, Plestikmodern begjint mei de produksje en der komt in Amerikaansk bedriuw nei It Hearrenfean: Tektronix. Se bouwe oxiloskopen, mjitapparaten foar û.o. sikehûzen. In moai bedriuw, koest dêr ek trochstudearje en it wurk wie earst wol nei it sin. De sfear wie goed, mochtst sels de direkteur by de foarnamme neame en it lean wie bêst. Ik mocht ien type oxiloskoop yn elkoar sette. Knoppen, printplaten, buis en oare ûnderdielen kamen op dyn tafel en fierder wie it soldearje, sleutelje en prutse. Koest der wol trije oeren oer dwaan, mar nei in pear moanne die ik it yn in healere. Baas Jan bliid, mar de kollega's lilk, want ik ferpeste it foar harren. Nei njoggen moanne hie ik it wol besjoen. Bonne regele dat ik nei Thys van der Molen koe yn Nijskoat. In ynstallaasjebedriuw mei in bysûndere baas. Thijs hie in pear jier yn Indië sitten en dêr it ien en oar meimakke. It hat ek makke, tink ik, dat hy oare wearden hie. Rekkens stjoere hie hy in hekel oan.

As de bank belle dat it kredyt op wie, dan pakte hy de dikste klussen der út en helle hy wat jild op. Underweis hearden wy geregeld:

‘Thys, moastst mei de rekken komme.’

Hy hat in protte jild sitte litten. Typysk wie it ferhaal fan de klant dy’t Thijs oanmaande foar in rekken fan in putsje en Thijs sei:

‘Ja ja, komt deroan.’

‘Dat seist al trije jier, Thijs. Kin sa net.’

‘Dit jier skriuw ik de rekken noch.’

‘Moat ik noch sjen,’ sei de man moedeleas.

‘Sterker noch,’ sei Thijs, ‘asto de rekken net foar âldjiersdei hast, dan hast it foar neat.’

Dat woe de man hielendal net. In healjier letter kaam Thijs wer by de man.

‘Hast de rekken by dy Thijs?’

‘Nee,’ sei Thijs, ‘ik hie dochs sein dat as ik der net foar âldjiersdei bin dan hast it wurk foar neat.’

Ik ha al oanbean om de boekhâlding foar him te dwaan, mar dat woe hy net. Koe hy net mear rommelje, tink en moast hy alles ek byhâlde.

Ik ha in protte leard by Thijs en foaral fan de kollega’s, Auke, Barteld, Bram en letter fan Lúzen. Wy dienen fan alles: Wetter, gas, dakken, ôffieren, elektrysk. En wat in humor hienen de mannen. Alle dagen wienen oars en net al it wurk wie like moai, mar ik hie gjin dei misse wollen. Sa wie ik mei Barteld by in boer op De Gaast. Der

wie koartsluting yn de âlde leidingen fan de stâl. Njoggen oere wie der kofje en wy dienen de overal út, mar dat hie net hoegd. Wat in binde yn it hûs. It kaam dêr net sa krekt. It hiele oanrjocht stie fol mei smoarge boarden, healfolle pannen, skalen en potten. Seis of miskien wol tsien katten libben dêr, in hûn, in pear bern dy't nei de berte ek net mear skjinmakke wienen en der siet in fys âldman oan de tafel. De frou hie in grutte flodder-trui oan, dêr't twa grutte boarsten alle frijheid hienen om yn om te dûnsjen. Se rausde ien fan de bern fan in stoel en dêr moast ik sitte. Wat in ploech. De boer sels wie noch it gewoanst. Barteld en ik wienen ferbjustere, mar koenen it laitsjen amper ynhâlde. It wie suver gesellich ûnder it earste bakje. De âldman siet sûnder gebit yn syn koeke om te haffeljen en flibere de kofje nei binnen. Der wie genôch te sjen oeral. Ien fan de bern siet op de hûn en sloech de katten oan 'e kant. It like in spotprint, in skilderij fan Jeroen Bosch. De kofje mei geitemolke smakke apart en doe krigen wy noch in bakje en gie it ferskriklik mis. Trui luts de kopkes nei har ta, batste de kofje der yn, geat der molke by en dielde de kopkes wer út. Foar my net it slimste, ik krige it kopke fan Barteld, mar myn maat dat fan de âldman. Ik sjoch noch de ferbjustering op Barteld syn gesicht.